



Nationale  
Voorleeslunch  
freed 4 oktober 2024

## OME SJEF EN TANTE GREET

**Wim Daniëls**

Friese vertaling: Ytsje Steen, Afûk

No en dan tink ik noch wol oan se, oan ome Sjef en tante Greet. Se wienen meielkoar troud, mar se wienen yn hast alles elkoars tsjinpoalen. Ome Sjef wie in broer fan ús mem. Hy wie in sachtmoedich man, bôlebesoarger fan berop, dy't yn syn frije tiid stillibbens en it boerelibben skildere. Syn skilderijen eagen kwa technyk miskien wat amateuristysk, mar thús hienen we toch twa oan 'e muorre hingjen, want ja, se wienen wol fan ome Sjef. Ik fûn se trouwens ek bêst moai.

In skoftlang wie ome Sjef oerspand, sa't dat doe neamd waard. As er yn dy perioade tegearre mei tante Greet by ús op besite wie, koe er samar, skynber út it neat wei, yn gûlen útbarste. 'Dêr kin er neat oan dwaan, dat gebeurt ast oerspand bist', sei ús mem dan soms as ome Sjef en tante Greet wer nei hûs wienen.

Ome Sjef moast syn gûlen altyd yn syn ientsje te boppe sjen te kommen. Der wie gjinien dy't him in hân op it skouder lei of him op in oare manier besocht te treasten. Ik tink dat net ien goed wist wat er dwaan moast. Ik as jonge jonge al hielendal net. En tante Greet koe sels rêstich sizze: 'Dêr giet er wer' as ome Sjef begûn te gûlen. Se wie in hurde tante; ien by wa't je net oankomme moasten mei in bytsje pine hjir of dêr of oarsoartige klachten; ien dy't ek gjin blêd foar de mûle naam. Toch fûn gjinien har ûnaardich. Har rjocht-foarde-raap-karakter hie ek wat oandwaanliks. Fansels net as se 'Dêr giet er wer' sei as ome Sjef begûn te gûlen, mar in hiel soad oare kearen wol. Yn har hurd-wêzen hie se wat ûntroerends.

Tante Greet wurke by V&D, op de linzjeryôfdieling, sa't se sels sei. It wurd 'linzjery' wie yn dy tiid, sa om ende by 1965, noch net hiel gongber. Wysels hienen it noch oer ûnderbroeken en de ûnderbroekeôfdieling, mar tante Greet net. 'Linzjery' spruts se ek neidruklik út mei in è-klank yn de earste lettergreep: lèenzjery. Oare minsken dy't it wurd soms brûkten en de earste lettergreep as 'lin' útsprutsen, linzjery, koenen harren better stilhâlde, fûn se. It wie 'lèenzjery', gjin 'linzjery', sa't se ek altyd hiel neidruklik 'eau de cologne' sei, wylst sawat elkenien dy't ik koe it op 'onjeklonje' of 'oddeklonje' hold.

Tante Greet, lyts fan stik en wat dûbeld, earlik sein uterlik toch earder in ûnderbroeketype as in linzjerytype, mocht graach dûnsje. Se stie altyd as earste op 'e dûnsflier by in famyljefeest dêr't dûnse wurde koe. Se koe goed styldûnsje: de fokstrot, de wals, de tango, neam mar op. En dat die se altyd mei ome Sjef, dy't it ek ferrassend goed koe. Dat wie miskien wol de iennige oerienkomst tusken dy twa; dat se tegearre goed dûnsje koenen. Sels yn de tiid dat ome Sjef oerspand wie, seach ik him toch wolris dûnsjen mei tante Greet. Dan like er al syn soargen, wêrfan't wy de hoedanichheid net koenen, fergetten te wêzen en hie er in grutte glim op syn gesicht. Tante Greet dûnse ek los sa't dat neamd waard, de twist, mar dat die se noait mei ome Sjef, want dy hold dêr net fan.

Alle wiken kamen ome Sjef en tante Greet woansdeitejûns by ús te jokerjen, in kaartspul dêr't ús heit in ferskriklike hekel oan hie, al spile er toch altyd mei. 'Jokerjen', sei er faak, 'dêr is oait in hiele húshâlding gek fan wurden.'

Ome Sjef en tante Greet wennen yn 'e stêd, dêr't ek de V&D stie dêr't tante Greet wurke. Se kamen altyd mei de solex op besite by ús yn it doarp. It wie in bysûnder gesicht as ik se oanriden kommen seach op harren solex. Tante Greet foarop, mei in sjike hoed op en

reade lippestiftlippen. Net selden hie se in sigaret yn 'e mûle, want se wie in kettingrookster. In meter as tsien achter har, krekt as hearden se hielendal net byelkoar, kaam dan ome Sjef, dy't syn solex in *sjefrolet* neamde.

Op in kear, yn 'e simmer, it wie in waarme woansdeitejûn – ús mem hie de tafel dêr't oan kaartspile wurde soe, bûten setten – sei tante Greet tsjin my, koart nei't se mei ome Sjef oanriden kommen wie: 'Jongkeardel, sil ik dy ris leare te twisten?' Ik wie tolve jier âld en hie noch net safolle ferstân fan dûnsjen, dus ek net fan twisten. Mar ik knikte, want ik wie wol benijd wat der komme soe. 'Let op', sei tante Greet, en se die noch in flinke haal oan har hast oprookte sigaret. Dêrnei smiet se de peuk op 'e grûn en sei: 'En no moatsto dy peuk earst mei dyn rjochterfoet en dêrnei mei dyn linkerfoet útdraaie', en se die foar wat se bedoelde sûnder sels op 'e peuk stean te gean. 'Ja, do hast it troch, sa moat it', rôp se út doe't ik die wat se foardien hie. En se song der ek noch by: 'Come on, let's twist again, like we did last summer.' It fielde werklik daliks as koe ik twiste.

Op wer in oare kaartjûn fertelde tante Greet dat se begûn wie mei it jaan fan demonstraasjes op Tupperwarepartys. Dy partys begûnen doe krekt populêr te wurden. Tupperware wie in merk fan alderlei plestik bakjes dêr't je iten, sa as fleis en tsiis, yn bewarje koenen. Wy hienen thús ek in pear fan dy bakjes. As ik dêr wat yn lein hie en it dekseltsje derop dien hie, sei ús mem altyd dat ik it lipke fan it dekseltsje noch even optille moast om de lucht derút te litten.

It idee achter de partys wie dat ien by minsken thús kaam om alderlei produkten te demonstrearjen en dat de froulju dy't dêr spesjaal foar byelkoar kommen wienen – manlju hienen der net folle belangstelling foar – de demonstrearre produkten nei ôfrin keapje koenen. De frou dy't alles demonstrearre, krige dêr dan profyzje oer.

Tante Greet wie no dus ek sa'n demonstratrise. Se die it Tupperwarewurk yn de jûnsoeren, want oerdei bestjoerde se uteraard de linzjeryôfdieling fan V&D. En no woe se, sa sei se, in kear in demonstraasje by ús thús jaan. De bedoeling wie dan dat ús mem safolle mooglik froulju út 'e buert útnûgje soe. Us mem fûn it daliks in goed idee en der waard fuort ek in datum pland.

It probleem fan tante Greet as demonstratrise wie dat se gjin auto hie. Se moast oeral op de solex hinne om har demonstraasjes te jaan. Mar it wienen aardich wat bakjes, echt wol tsientallen, dy't se op in Tupperwareparty oanpriizgje moast. Ik wie dan ek benijd hoe't tante Greet it ferfier dêrfan foarelkoar krije soe. Op de bewuste jûn dat se by ús thús in demonstraasje jaan soe, stie ik dan ek al fier foar de plande oankomsttiid fan tante Greet op 'e útkyk. En dêr kaam se op 't lêst oan. Ik ha yntusken yn myn libben in soad bysûndere dingen sjoen, mar dy oanblik fan tante Greet op 'e solex, hoed op, read kleure lippen, sigaret yn 'e mûle, mei al dy plestik bakjes yn 'e foarm fan in wiid útsteande hoepelrok om de solex hinne drapearre, is werklik sûnder wjergera. Om har mul hie se in tou bûn en oan dat tou hie se allegear plestik pûden fêstmakke mei dêryn de bakjes. It wie echt spektakulêr om te sjen, mar tagelyk seach it der libbensgefaarlik út, want der hienen samar in pear bakjes tusken de speaken fan de solex komme kinnen. 'Ferlos my, jongkeardel!' rôp tante Greet út doe't se lyk foar myn noas stilholden wie. Dat ferlossen foel noch net ta, mar úteinlik slagge it en hienen tante Greet en ik al har bakjes yn trije grutte tassen treaun dy't se ék noch by har hie.

Binnen yn ús húskeamer sieten in stik as tsien froulju út 'e buert oan 'e kofje en 'e cake. Se wienen yn ôfwachting fan wat der gebeure soe. Neidat tante Greet al har bakjes op 'e tafel útstald hie, begûn se mei de demonstraasje. As oft se har hiele libben neat oars dien hie as plastic bakjes oanpriizgje, gie se fan it iene bakje nei it oare.

It fleis soe yn de bakjes minder gau bedjerre, je besparren der romte mei yn de kuolkast, je koenen de bakjes ek hiel goed meinimme yn in kuolboks by in útstapke, se soargen foar folle mear hygiëne; tante Greet neamde it iene foardiel nei it oare op en by elk bakje hie se wer nije details, ûnderwilens ek noch sa no en dan in haal dwaand oan in sigaret.

De oanwêzige froulju knikten ynstimme by in soad dingen dy't se sei, behalve ús neiste buorfrou, Janske van de Berkmortel, dy't in pear kear, as tante Greet it wurd kuolkast wer ris falle liet, rôp: 'Mar ik ha noch hielendal gjin kuolkast!' Hiel raar wie dat net; der wienen yn dy tiid wol mear minsken dy't gjin kuolkast hienen of wat oars dat tsjintwurdich fanselssprekkend is. Wysels hienen bygelyks noch gjin telefoan en dûs.

Nei sa'n trije kertier wie de demonstraasje foarby en begûn de ferkeap. Tante Greet hie dúdlik yndruk makke, want se ferkocht flink wat bakjes. Sels Janske van de Berkmortel kocht in bakje. 'Foar as wy oait in kuolkast krije', sei se derby.

Doe't alles achter de rêch wie en tante Greet risselwaasje makke foar de weromreis nei de stêd, hie se noch mar in fjirde part oer fan alles wat se meinommen hie. Se hoegde de bakjes no ek net mear op 'e solex sittend om har hinne te drapearjen. Wat der noch oan bakjes oer wie, paste maklik yn ien grutte tas, dy't se oan it stjoer fan de solex hong. 'Dóéch', rôp se lûd doe't se fuorttufte yn 'e wyls tsjustere jûn, mei in sigaret yn 'e mûle.

De oare deis, al ier yn 'e moarn, kaam ome Sjef op syn sjefrolet oansetten. It wie noch echt hiel betiid, ik wie noch net iens ôfstutsen nei skoalle ta. Us mem hie it der daliks net op stean en tocht dat der wat mei ome Sjef wie; dat er yn oerspande tastân it hûs ferlitten hie. Mar dat blik hielendal net sa te wêzen. Der wie wat mei tante

Greet gebeurde. Dy hie, sa fertelde ome Sjef, nei de demonstraasje fan de foarige jûns de smelle dyk lâns it kanaal nommen om nei hûs te riden. Troch in ding dat dêr op 'e dyk lein hie, wie se de macht oer it stjoer fan har solex kwyt rekke en yn it kanaal bedarre.

‘Wat?’

‘Echt?’

‘Hoe is it mei har?’ rôpen wy trochelkoar. ‘Se is toch net ...?’

‘Neeneenee’, sei ome Sjef, ‘se hat allinnich mar in bult op 'e holle en in pear bloedútstoartingen.’

‘Mar se kin toch hielendal net swimme?’ sei ús mem ferbaasd.

‘Nee’, sei ome Sjef, ‘mar se hat har rêde kinnen tanksij de bakjes dy’t se yn 'e tas sitten hie. Dêr hat se har oan fêstklamme en sa is se út it wetter klommen. En dêrnei hat se sels ek noch de solex út it wetter lutsen en is se rinnend mei solex en al nei hûs kommen.’

Wy wienen ferbjustere.

Noch dyselde deis gie ik mei ús mem mei de bus nei de stêd om tante Greet op te sykjen. Doe’t wy by har yn 'e keamer kamen, siet se mei in dúdlik sichtbere bult op 'e foarholle en in bloedútstoarting op it kin triomfantlik laitsjend mei in sigaret yn 'e mûle by de tafel, mei dêrop de bakjes dy’t har rêding west hienen. Se hold ien bakje omheech. ‘Ik ha der in nij ferkeapargumint by’, rôp se. ‘Je kinne se ek brûke as rêdingsboei.’

‘Dy tante Greet toch’, sei ús mem doe’t we letter yn 'e bus werom nei hûs sieten. Sa gau’t we thús wienen, smarden we noch in stik bôle en kaam der in Tupperwarebakje mei boaterhamwoarst op tafel. Ik seach dêr no mei oare eagen nei, en dat soe dêrnei altyd sa bliuwe. De bakjes krigen fan my ek in oare namme. It wienen tenei ‘tante Greetjes’. En om ome Sjef net tekoart te dwaan, neamde ik sûnt dy tiid elke solex, krekt sa’t ome Sjef sels die, in sjefrolet.

Dit ferhaal is skreaun yn opdracht fan de Culturele Apotheek foar de **Nationale Voorleeslunch 2024**. Op **freed 4 oktober 2024**, Nationale Ouderendag, is de tolfde edysje fan de Nationale Voorleeslunch. Bekende en ûnbekende Nederlanners lêze op dy dei foar oan âlderen yn it hiele lân. Wim Daniëls lêst it ferhaal sels foar op telefyzje, om 12.10 oere en 13.20 oere op NPO 1 en om 14.15 oere op NPO 2.

De Voorleeslunch wurdt organisearre troch de Culturele Apotheek yn gearwurking mei biblioteken en fersoargingshuzen en lit sjen dat foarlêzen in maklik ta te passen aktiviteit is, dy't bydraacht oan de kwaliteit fan soarch foar âlderen. It foarlêzen fan in ferhaal jout ûntspanning en is faak in oanlieding om mei-inoar te praten of oantinkens op te heljen.

Wolle jo mear witte oer de Voorleeslunch?  
Gean nei: [www.nationalevoorleeslunch.nl](http://www.nationalevoorleeslunch.nl).

